



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. De hiele famylje is doopt yn de Jordaen en begjint ‘in nij libben’. Dat makket dat se Jezus folgje op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket. Of se hearre fan pake, harren grutte broer Daniël en oaren oer Jezus. De famylje hat Pesach fierd yn Jeruzalem en is no werom yn Kafarnaüm. Sara en Simon binne mei Daniël nei hûs ta reizge. Allebeide op in kaniel. It wie in lange reis fan Jeruzalem nei Kafarnaüm. Gelokkich mar dat se dat hiele ein net hoegden te rinnen.

34. Himelfeart

Lukas 24,50-53 en Hannelingen 1,1-14

Sara, Simon en heit binne al wer in dei of wat thús, mem noch net. Dy is by in muoike yn Nazaret oangien. Dêr útfanhuzet se in pear dagen.

“Ik mis mem wol”, sei Simon.

“Hm, wêrom?” frege Sara.

“Omdat ik no einlings wolris wer gewoan iten ha wol.”

“Is wat heit en ik meitsje dan net gewoan?” frege Sara.

Heit lake en sei: “Hjoed komt mem wer thús! Ik bin it mei dy iens, Simon. As mem thús is, smakket it iten wer gewoan.”

Simon knikte: “Gewoan lekker!”

Jûns sieten se mei-inoar ûnder de beam. Allinne mem siet op it muorke. Se fertelde fan de lange reis en wa’t se ûnderweis moete hat. Mar it grutste nijs wie wat der bard hat mei Jezus en mei syn freonen.

“Yn Nazaret rekken de minsken der net oer útpaat,” sei mem.

“Dat komt omdat Jezus syn heit en mem dêr wenje fansels”, sei heit.

“En syn bruorren en suster”, sei Simon.

“En syn freonen!” rôp Sara.

“Harkje”, sei mem, “dan sil ik jim fertelle wat ik dêr heard haw...”

Sa no en dan siet Jezus wer gewoan tusken syn learlingen yn. Dy wiene bliid as se Jezus opnij wer by har hiene. It fielde sa fertroud.

Op in kear, doe't se mei-inoar iten hiene, sei Jezus: "Kom, wy geane nei de Oliveberch." Jezus rûn foar syn learlingen út de berch op. Se fûnen it prachtich dat Er wer by harren wie. Mar it wie wol hiel oars as foarhinne. En wat bedoelde Jezus mei: "It giet no net mear om my. It giet no om jim?"

Doe't se boppe op de Oliveberch oankamen, wiisde Jezus syn learlingen in plak oan om sitten te gean. Hy gie der sels ek by sitten. Dat dit de lêste kear wie dat Jezus by harren wie, wisten se doe noch net.

"Wannear komme Jo wer?" frege Petrus.

Jezus seach Petrus oan en sei: "Do bedoelst: wannear komt it Keninkryk fan God?" Petrus helle de skouders op. Hy hie muoite om de juste fraach te stellen.

"Dat wit gjinien", antwurde Jezus. "Dat wit allinne God! Soargje jim der mar foar dat Gods Keninkryk gau komt. It sil in grut feest wurde."

De learlingen begûnen trochinoar hinne te praten. Jezus' wurden makken harren ûnwis.

"Hoe kinne wy dêrfoar soargje as Jo net iens by ús binne?" frege ien fan harren.

"Tink no net dat ik jim allinne achterlit", sei Jezus. "Ik haw ommers foar jim keazen!"

De learlingen knikten. Se wisten hoefolle oft Jezus fan harren hold. Mar Hy liet harren sa yn it ûnwisse mei syn wurden.

Wylst Jezus oerein kaam, sei Er: "Bliuw yn Jeruzalem! Dêr sil myn Heit jim de Hillige Geast jaan." Doe't Jezus dat sei, brocht Er syn hannen omheech en segene harren... Underwilens kaam der in wolk dy't Him mei omheech naam, nei de himel ta.

De learlingen wiene al hielendal ferbouwerearre. Se kamen ek oerein... En stoarren nei de himel. Miskien ferwachten se wol dat Jezus werom komme soe. Mar dat barde net!

Wol kamen der twa ljochtsjende ingels yn wite klean nei harren ta. Dy seine: "Manlju, wêrom steane jim dêr sa bot nei de himel te sjen? It is mar better dat jim jim dwaande hâlde mei wat der op ierde bart. Dêr falt noch safolle foar jim te dwaan."

Doe binne de learlingen werom nei Jeruzalem ta gien. Se sochten itselde hûs en deselde boppeseal op dêr't se mei Jezus it peaskemiel holden hiene. En seine tsjininoar: "Lit ús hjir mar wachtsje, sa't Jezus ús sein hat."

Simon suchte en flústere: "Ik tink dat Jezus no echt wol fuort is."

"Binne Jezus' learlingen no noch yn Jeruzalem?" frege Sara.

Mem knikte, kaam oerein en sei: "Moarn fertel ik fierder."